

# PARSEBERJOCHT

17 desimber 2018

## De Stormruiter en it Frysk Sjongers Gala

De feestdagenprogrammearing by Omrop Fryslân

**Yn de krystfakânsje binne by Omrop Fryslân meardere bysûndere programma's te sjen. Sa is de populêre teäterfoarstelling De Stormruiter dizze krystdagen yn twa dielen te sjen en kinne minsken op 27 en 28 desimber genietsje fan it Frysk Sjongers Gala.**

De Stormruiter wie mei sa'n 100.000 besikers ien fan de populêrste foarstellingen fan LF2018. Foar de registraasje fan De Stormruiter waarden acht kamera's yn de teäterarena pleatst. Mei úteinlik 16 opnamebannen begûn dêrnei in 'monstermontaazjeklus'. It resultaat is dizze krystdagen yn twa dielen te sjen by Omrop Fryslân: earste krystdei fan 17.00 oere ôf en twadde krystdei fan 18.15 oere ôf.

It Frysk Sjongers Gala is ek by Omrop Fryslân op telefyzje te sjen. It muzykfeest dêr't it Fryske liet sintraal stiet hat dit jier as tema 'multykultureel'. Gefoelige lieten, de echte meisjongers, âld en nij wurk yn in ferrassend jasje. De artysten yn dizze edysje fan it Frysk Sjongers Gala binne Griet Wiersma, Piter Wilkens, Anneke Douma, Gurbe Douwstra, Basile Maneka, Denise Rivera. Andries de Vries, Ineke Dijkstra, Marjo de Bruin en Di Gojim. Meiswinge kin yn twa dielen op tongersdei 27 en freed 28 desimber fan 17.15 oere ôf.

### En mear

Moandei 24 desimber: It geheim fan de Deelen

Moandei 31 desimber: Fryske top 100

Tiisdei 1 jannewaris: It bêste fan LF2018

Woansdei 2 jannewaris: It bêste fan Hea!

Tongersdei 3 en freed 4 jannewaris: Ronald Smink, Out of the box (kabaret)

Sjoch foar de folsleine programmearing of ynformaasje oer programma's op [Omropfryslan.nl/tv](http://Omropfryslan.nl/tv). Ek op radio wurde om de feestdagen hinne tal fan spesjale programma's útstjoerd. Sjoch foar dat alles op [Omropfryslan.nl/radio](http://Omropfryslan.nl/radio).

---

### Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

## PERSBERICHT

17 december 2018

### De Stormruiter en het Frysk Sjongers Gala

De feestdagenprogrammering bij Omrop Fryslân

**In de kerstvakantie zijn bij Omrop Fryslân meerdere bijzondere programma's te zien. Zo is de populaire theatervoorstelling De Stormruiter deze kerstdagen in twee delen te zien en kunnen mensen op 27 en 28 december genieten van het Frysk Sjongers Gala.**

De Stormruiter was met zo'n 100.000 bezoekers een van de populairste voorstellingen van LF2018. Voor de registratie van De Stormruiter werden acht camera's in de theaterarena geplaatst. Met uiteindelijk 16 opnamebanden begon daarna de 'monstermontageklus'. Het resultaat is deze kerstdagen in twee delen te zien bij Omrop Fryslân: eerste kerstdag vanaf 17.00 uur en tweede kerstdag vanaf 18.15 uur.

Het Frysk Sjongers Gala is weer terug bij Omrop Fryslân op televisie. Het muziekleest waar het Friese lied centraal staat heeft dit jaar als thema 'multicultureel'. Gevoelige liederen, de echte meezingers, oud en nieuw werk in een verrassend jasje. De artiesten in deze editie van het Frysk Sjongers Gala zijn Griet Wiersma, Piter Wilkens, Anneke Douma, Gurbe Douwstra, Basile Maneka, Denise Rivera. Andries de Vries, Ineke Dijkstra, Marjo de Bruin en Di Gojim. Meeswingen kan in twee delen op donderdag 27 en vrijdag 28 december vanaf 17.15 uur.

#### En meer

Maandag 24 december: It geheim fan de Deelen

Maandag 31 december: Fryske top 100

Dinsdag 1 januari: It bêste fan LF2018

Woensdag 2 januari: It bêste fan Hea!

Donderdag 3 en vrijdag 4 januari: Ronald Smink, Out of the box (cabaret)

Kijk voor de volledige programmering of informatie over programma's op [Omropfryslan.nl/tv](http://Omropfryslan.nl/tv). Ook op radio worden rond de feestdagen veel speciale programma's uitgezonden. Kijk hiervoor op [Omropfryslan.nl/radio](http://Omropfryslan.nl/radio).

---

#### Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876.